

TWA WIKEN FEEST

SÛNDER IEN DRIP
BENZINE

1 - 14 JULY 2018

WWW.ELFWEGENTOCHT.NL

ELFWEGENTOCHT 2018
TWEË WEKEN FEEST ZONDER EEN DRUPPEL BENZINE

Leeuwarden
Fryslân
2018

European
Capital of
Culture



DURK DURKSZ



Wethâlder

"Duorsumens sit as in jas. Ik stribje dernei om sa fossylfrij mooglik troch it libben te gean. De 36 sinnepanelen binne myn eigen enerzjy-sintrale en yn 2020 wol ik de gaskraan thús tichtdwaan. Soene mear minsken dwaan moatte."

SHANNON DE VRIES



Studinte

"Fansels doch ik mei oan 'e Alvewegetocht. Der binne genôch duorsume mooglikheden: trein, bus, fytsje, rinne en thús wurkje. Prima te dwaan foar studinten!"

FOPPE DE HAAN



Fuotbaltrainer

"De takomst giet my oan it hert. Duorsume enerzjy is nei myn miening dan ek tige wichtich. Ik doch mei!"

SYB VAN DER PLOEG



Sjonger, komponist, tekstskriuwer

"Yn de muzykwrâld besykje ik duorsumens ûnder de oandacht te bringen. Ik fyn it tige wichtich dat elkenien hjirmei dwaande is. Yn 2018 fersoargje Piter Wilkens en ik hjir in foarstelling oer."

DE ALVEWEGETOCHT

De Fryske jongerein wol in griene takomst en freget om twa fossylfrije mobiliteitswiken yn july 2018. As ynwenners fan Fryslân gean wy dizze útdaging oan. Tidens de earste twa wiken fan july 2018 reizgje safolle mooglik minsken mei duorsume foertugen. Elektryske auto's en boaten, e-bike's, griengas-auto's, fytsen en oare foertugen bepale it ferkearsbyld. It wurde twa wiken feest sûnder in drip benzine!

MEIDWAAN?

Wolle jo meidwaan oan de Alvewege-tocht? Jou jo hjoed noch op fia:
www.elfwegentocht.nl/meedoen/



DOARP EN BEDRIUW

Yn july 2018 sil it barre: twa wiken fossylfrij reizgje yn Fryslân. De kommende moannen oefenje wy yn de mienskip. Studinten en oare ambassadeurs fan de Alvewege-tocht prate mei doarpsbewenners oer de mooglikheden. Ek Fryske bedriuwen dogge mei. Sa meitsje sy harren bedriuw en de provinsje Fryslân duorsum. Tegearre gean wy dizze útdaging oan.

KONTAKT

Fragen of ideeën? Stjoer in mailsje nei info@elfwegentocht.nl

WAT IS IT?

- Twa fossylfrije mobiliteitswiken:
1 - 14 july 2018
- Sûnder ien drip benzine
- Allegear duorsume foertugen
- Elkenien kin meidwaan
- Fryslân rint foarop as Kulturele Haadstêd 2018

